

Provinciale Staten van de Provincie Fryslân
FNP, Dhr. S. Knol
Postbus 20120
8900 HM LEEUWARDEN

Ljouwert, 21 febrewaris 2023
Ferstjoerd, **21 FEB. 2023**

Ús merkteken : 02069260
Ôfd/Opjefte : Klimaat en enerzjy
Opsteld troch : 
Jo merkteken :
Taheakke(n) :

Ûnderwerp : beäntwurding skriftlike fragen oer needferoarding EU

Geachte heer Knol,

Jo skriftlike fragen op grûn fan kêst 42 fan it Reglemint fan Oarder, ynkommen op 12 januari 2023, beäntwurdzje wy as neikomt.

Fraach 1:

Wat binne de effekten fan de needferoarding op de fergunningferliening yn Fryslân? Kin it kolleezje in oersjoch jaan fan de prosedueres dy't oanpast binne nei oanlieding fan de needferoarding dêr't de provinsje fergunning-ferliener is of wêr't de provinsjale omjouwingsregels (bygelyks de aktuele Feroarding Romte, Feroarding Wnb, Miljeuferoarding, beliedsregels ensfh.) as gefolch fan de needferoarding oars tapast wurde moatte?

Antwurd fraach 1:

It effekt fan 'e needferoarding op it ferlienen fan fergunnings yn Fryslân binne wy noch net krekt fan op 'e hichte.

It doel fan 'e needferoarding is om 'e prosedueres foar de ynstallaasjes foar it produsearjen fan duorsume enerzjy te ferhastigjen. Sa wurde û.o. foar guon projekten foar duorsume enerzjy maksimumterminen foar it fergunningferlienen steld. It ferlienen fan fergunnings dêrfan sit foar in grut part by de gemeenten. De Provinsje is yn dat ramt foaral it foechhawwend gesach foar de Wet natuerbeskerming.

Op it ministearje fan ESK wurdt yn oparbeidzjen mei YPO en FNG wurke oan it yn kaart bringen fan 'e effekten fan 'e needferoardering en wurdt dêr in hânlieding foar opsteld. Sadree't dy hânlieding fan ESK der is, litte wy dy oan jo takomme. De FUMO is allyksa dwaande om 'e effekten fan 'e needferoardering foar Fryslân yn kaart te bringen.

Fraach 2:

Wat binne de gefolgen fan de regels út de needferoardering foar de fergunningferliening en de fuortgong fan sinne- en wynenerzjyprojekten yn de provinsje Fryslân?

Antwurd fraach 2:

It doel fan 'e needferoardering is dat de prosedueretiid fan projekten koarter wurdt. Soks hâldt net automatysk yn dat der mear projekten trochgeane, mar allinne dat it beslút dêroer flugger nommen wurde moat.

Fraach 3:

Wat binne de konsekwinsjes fan de regels út de EU-needferoardering foar de útbou fan de netynfrastruktuer yn Fryslân? Hawwe dy effekt op de faasje wêrmei't bygelyks Liander en TenneT harren netwurken útbouwe kinne?

Antwurd fraach 3:

De konsekwinsjes foar it oanpassen fan it elektrisiteitsnetwurk binne op dit stuit noch net dúdlik. Yn 'e needferoardering wurdt it elektrisiteitsnet foaral neamd yn gearhing mei it oansluten fan projekten. Yn in inkel gefal (kêst 3 lid 1) wurdt it elektrisiteitsnet lykwols ek los neamd. De betingst út dat kêst docht lykwols ûnder mear ta de saak foar de Fûgel- en Habitatrjochtlinen. Wy ferwachtsje dat de hânlieding fan ESK dêr mear dúdlikens oer jaan sil. Benammen ek om't lidsteaten de wurking fan kêst 3 lid 1 beheine kinne. It is op dit stuit ûndúdlik oft it Ryk dat ek fan doel is.

Fraach 4:

Wat betsjut de status fan it heger iepenbier belang (overriding public interest), dat mei de needferoardering takend wurdt oan wernijbere enerzjyprojekten, foar de beoardieling fan it goed lânskiplik ynpassen fan projekten?

Antwurd fraach 4:

Foar safier't wy witte, hat de needferoardering gjin konsekwinsje foar it beoardielen fan 'e lânskiplike ynpassing. De status fan heger iepenbier belang hâldt yn dat der in ferienfâldige hifking fan in stikmannich miljeuferplichtings is (dy't yn spesifike EU-rjochtlinen opnommen binne). De lidsteaten kinne it tapassen fan dy bepalings beheine ta beskate parten fan harren grûngebiet, soarten technologyen of projekten. It is noch bekend oft en hoe't Nederlân dat dwaan sil. Wy ferwachtsje dat de hânlieding fan ESK dêr mear dúdlikens oer jout.

Fraach 5:

Feroaret mei de regels ek de rjochtsbeskerming fan ús ynwenners en bedriuwen? As dat sa is, hoe dan?

Antwurd fraach 5:

Nee, de rjochtsbeskerming feroaret net. Dat wurdt ek eksplisyt yn 'e feroardering neamd. De needferoardering slacht op 'e fergunningsproseduere fan 'e oanfraach. Foar de beswier- en beropsprosedueres hat de needferoardering fierder gjin gefolgen.

Fraach 6:

Hat de amtlike organisaasje fan de provinsje (en ek fan de gemeenten, dy't in soad fan de regels tapasse) op dit stuit foldwaande kapasiteit om de ferplichte trochrintiden (dy't de needferoarding no opleit) te garandearjen? As dat net sa is, wat docht it kolleezje der oan om der op hiel koarte termyn foar te soargjen dat soks wol bart?

Antwurd fraach 6:

Om't it effekt fan 'e needferoarding op 'e besteande regeljouwing noch net krekt bekend is, kinne wy op dit stuit noch net oanjaan oft der genôch kapasiteit is.

Fan belang is bygelyks oft it ferhastigjen ek jildt as bygelyks in sinnepark net yn it bestimmingsplan past. Dan moat in útwreide proseduerre fierd wurde. Dêr hat de provinsje ek in advisearjende rol yn.

Fraach 7:

De nije regels fan de needferoarding kinne troch de lidsteaten fan de EU ek op rinnende prosedueres (foar 30 desimber 2022) tapast wurde. Is dat it gefal yn Fryslân en as dat sa is, wat binne dêrfan de konsekwinsjes?

Antwurd fraach 7:

Wy ferwachtsje dat de hânlieding fan ESK dêr mear dúdlikens oer jaan sil.

Fraach 8:

De needferoarding jildt foar in perioade fan 18 moannen. Ferwachtet it kolleezje dat de regels nei dy tiid permanint wurde sille?

Antwurd fraach 8:

It is ús net bekend oft dizze needferoarding nei 18 moannen permanint wurdt.

Mei rju achtinge,

Deputearre Steaten fan Fryslân,


drs. A.A.M. Brok, foarsitter

A. Schepers, MSc, sekretaris